

Skriuwwedstriid!

TOMKE®



Wolsto de skriuwer fan Tomke wurde?

Yn 2021 wurdt Tomke 25 jier! Tiid foar in feestje! Njonken feestlike ekstra aktiviteiten en moaie nije materialen organisearje wy ek in Tomke-skriuwwedstriid. Foar de kommende jierren sykje wy ien of mear skriuwers om de skriuwgroep oan te foljen. Soesto ek ferhalen skriuwe wolle oer it libben fan Tomke? Dan kinst meidwaan oan ús wedstriid.

Wolsto ús nije Tomke-skriuwer wurde?

1. Tsjek earst op www.tomke.frl Wa, Wat, Wêrom, Wannear & Wat ek belangryk is, foardatst begjinst te skriuwen.
2. Skriuw in ferhaaltsje oer Tomke en (ien fan) syn freonen Romke, Yana Yu en Kornelia.
3. Jou oan wat dyn motivaasje is om ús nije Tomke-skriuwer te wurden.
4. Stjoer dyn ferhaaltsje, dyn motivaasje en dyn namme plus kontaktgegevens foár 31 maart 2021 op nei ynfo@tomke.frl

Tip!

Bisto noch net hielendal wis oer de Fryske stavering?
Lit dy net fan 'e wiis bringe en tsjek www.taalweb.frl foar help.

